

Wit Wat



Dit boekje is fan

.....


Wit Wat

Skriuw de wurden op it goede plak.

(kies út: oars, op, framboas en top.)

Gedicht

Appel, par, banaan of kiwi,
 drúfkes, ierdbei of
 Foar de pauze hat Britt fruit mei.
 Lekker, elke dei wat
 Hjoed krijt Britt in sinesappel.
 Sinesappels fynt Britt
 Moai yn njoggen lytse partsjes.
 Britt dy yt se lekker



Op skoalle

Tessa, Anniek en Wen binne op skoalle. Se sille fruit ite. Se ha in appel, in par en in banaan mei.
 Skriuw de goede namme by it goede fruit.





..... yt in appel.

..... yt in banaan.

..... yt in par.

Wat is griente en wat is fruit

Skriuw griente of fruit by de plaatsjes.



Op 'e merke



Meitsje it rûntsje grien (wier) of read (net wier)

- 1. It is moai waar.
- 2. De keaplju sjogge boas.
- 3. De appels binne hast op.
- 4. It jonkje yt in banaan.
- 5. De frou hat spinaazje kocht.
- 6. De blomkoal is yn 'e reklame.
- 7. Griente en fruit binne altyd hiel djoer.
- 8. Fruit en griente binne sûn.
- 9. Ik yt elke dei fruit of griente.
- 10. Wy keapje ek wolris wat op 'e merke.

TROCHSTREEKPUZEL

Sykje alle wurden en jou se netsjes de goede kleur.



A	S	L	A	A	D
P	K	B	I	P	L
P	I	E	E	R	A
E	W	A	R	O	O
L	I	M	P	M	K
N	A	A	N	A	B

SLAAD = grien

APPEL = read

KIWI = giel

PROM = blau

BANAAN = brún

KOAL = pears

PREI = oranje



Asto it goed dien hast bliuwe der 4 wite hokjes oer. Sjochst wat der stiet?

Skriuw it wurd hjir ûnder op.

Appels en parren groeie oan in

Yn 'e tún

Meitsje de tekening ôf mei appels, parren, blommen, fûgels en flinters.



SUDOKU















Yn dizze puzzel sitte 5 plaatsjes.

In appel, in par, in woartel, in ierdbei en druven

Yn elke rij sit it plaatsje mar ien kear.



Kinsto de oare plaatsjes tekenje?

KOM MAR BY ÚS!!!



KOM MAR BY ÚS!!!



Resept: Pompoensop fan buorman Aat!

Wat hast nedich?

- | | |
|----------------------|-------------|
| 1 x pompoen | 1 x prei |
| 1 x glês molke | 1 x aaike |
| snufke sâlt en piper | oliifoalje |
| Klûntsje bûter | raspe tsiis |
| Wetter út 'e kraan | staafmikser |
- 1 x Heit, mem, master of juf! (om te helpen mei it fjoer en it snijen)



Hoe makkest it?

- Stap 1** Snij de pompoen yn reepkes – *tink om dyn fingers!*
- Stap 2** Skrabje de pitten mei in leppel út de reepkes pompoen!
- Stap 3** Snij de reepkes pompoen yn blokjes, de skyl kinst sitte litte – *hast al dyn fingers noch?*
- Stap 4** Doch wat oliifoalje en in bytsje bûter yn de panne en set 'm op it fjoer
- Stap 5** Doch de blokjes pompoen yn de panne en rier it sa no en dan troch, sa'n 3 minuten.
- Stap 6** Jit it wetter yn de panne sadat de pompoen krekt ûnder wetter stiet en lit it 25 minuten op leech fjoer pruttelje.
- Stap 7** Snij de prei yn lytse stikjes
- Tip!** *D'r kin ek noch oare griente by, bygelyks in paprika of sjampinjons! Mmmmmh.*
- Stap 8** Bak de grientes yn in wokpanne mei in bytsje oliifoalje.
- Stap 9** Miks de pompoen yn de panne mei de staafmikser.
- Stap 10** Doch it aaike + de raspe tsiis + de molke by inoar yn in pantsje en rier it goed troch inoar
- Stap 11** Rier it troch de sop en lit it dan noch efkes 3 minuten op leech fjoer stean.
- Stap 12** Doch de bakte griente d'r ek by + in bytsje sâlt en piper en klear is it sop!
- Lekker ite!!

Snoepe

tekst: Jelle Bangma, muzyk: Meindert Bosklopper

Ja, ik bin in echte snoeper
swiete suertsjes, sâlte drop
sûkelaatsjes, zure matten
mmm, ik snobje alles op.

Elke dei in lekk're lolly
fynt ús mem fansels ferkeard
'nim do ris in par of appel,
snoepe haw ik dy net leard'!

dat seit ús mem, mar ik sis:

Refr. Harre-harre-jakky-harre-barre
Ik les gjin appels en gjin parren
Harre-harre-jakky-harre-barre

Ja, do moatst it fan my leauwe
dat 'k it wier net helpe kin
alle dagen moat ik snobje
om't ik sa geboaren bin.

Refr. Harre-harre-jakky-harre-barre
Ik les gjin appels...
en gjin prommen... en gjin parren
Harre-harre-jakky-harre-barre

Jou my dus in pûde popcorn,
kaugomballen byt ik ek
en dy giel mei rôze spekjies
dy bin hielendal te gek.

Refr. Harre-harre-jakky-harre-barre
Ik les gjin appels...
en gjin prommen...
en gjin kiwi's ... en gjin parren
Harre-harre-jakky-harre-barre

Witsto wat lekker fruit is? Fruitella's !!

Refr. Harre-harre-jakky-harre-barre
Ik les gjin appels...
en gjin prommen...
en gjin kiwi's ... en gjin parren
Harre-harre-jakky-harre-barre

